

*Hûnderten en hûnderten minsken hawwe sneontomiddei yn Winsum tsjûge west fan it greate barren yn de ljeppersarena om de âlde Sint Jabik, dêr't de bêsten fan de Fryske ljeppers al har krêften ynspanden foar de heechste ljeppersgloarje: it keningskip 1961. It wie de Wurdumer Jan Wijnia, dy't nei twa minder goede sprongen by it ljeppen om it masterskip, syn titel hâlde koe: hy waerd foar de tredde kear kening. Mar de fierste sprong (12.22 meter) wie fan de jonge Gerryt Valkema fan De Jouwer, dy't dan ek jongeskampioen wurden is. Hiske Penninga fan Sint Anne waerd kampioene by de froulju. Sjoch foar it forslach side 6.*

